



UvA-DARE (Digital Academic Repository)

Feitsma en de 'Autografemen' yn it wurk fan Gysbert Japicx

Versloot, A.

Published in:

Wittenskip en beweging: skôgings oer wurk en stribjen fan prof. dr. Tony Feitsma

[Link to publication](#)

Citation for published version (APA):


Versloot, A. (2015). Feitsma en de 'Autografemen' yn it wurk fan Gysbert Japicx. In A. T. Popkema, L. Folkertsma, R. Veenbaas, & A. Riemersma (Eds.), *Wittenskip en beweging: skôgings oer wurk en stribjen fan prof. dr. Tony Feitsma* (pp. 41-46). Ljouwert: Wijdemeer.

General rights

It is not permitted to download or to forward/distribute the text or part of it without the consent of the author(s) and/or copyright holder(s), other than for strictly personal, individual use, unless the work is under an open content license (like Creative Commons).

Disclaimer/Complaints regulations

If you believe that digital publication of certain material infringes any of your rights or (privacy) interests, please let the Library know, stating your reasons. In case of a legitimate complaint, the Library will make the material inaccessible and/or remove it from the website. Please Ask the Library: <https://uba.uva.nl/en/contact>, or a letter to: Library of the University of Amsterdam, Secretariat, Singel 425, 1012 WP Amsterdam, The Netherlands. You will be contacted as soon as possible.



Feitsma en de 'Autografemen' yn it wurk fan Gysbert Japicx

Arjen Versloot

Ynlieding

Yn 1974 ferskynde Feitsma's dissertaasje, mei de titel: *De autografemen in het werk van Gysbert Japicx*: in mânsk wurk yn 4 dielen dy't twa-by-twa yn twa bannen ferskynden by de Koperative Utjowerij (Feitsma 1974). It wurk jout in yngeande analyze fan hoe't Gysbert Japicx de lûden (fokalen = autografemen) staveret. It wurk hat in tige útsprutsen, 'idiosyncratic', teoretysk ramt, nammentlik dat fan de *grafematyk* dêr't Feitsma in frijwat apart plak mei ynnimt, net allinnich yn de Fryske taalkunde mar sels binnen Nederlân (De Haan 2001:34). Feitsma skriuwt dêr hast tritich jier letter sels oer:

41

Die graphematische Analyse der Sprache von Gysbert Japicx (Feitsma 1974) basierte auf der glossematischen Theorie der Kopenhager Schule von Hjelmslev, wobei nicht die Elemente, sondern die Relationen zwischen den Elementen entscheidend sind. Das ermöglicht eine strukturelle Analyse von geschriebenen Wörtern ohne vorausgehende Hypothesen über die Laute der älteren Sprache. Die graphematische Analyse hat wenig Anklang gefunden [...]. (Feitsma 2001:18)

Feitsma's eigen konklúzje oer de populariteit fan it teoretysk ramt fan de grafematyske analyze kin útrweide wurde nei de populariteit fan har eigen dissertaasje. It wurk sels hat net al te folle omtinken krige, al wurdt der hjir en dêr yn de frisistyk wolris nei ferwiisd, lykas yn Van der Meer (1985) en Visser (1990), mar it ûntbrekt opfallenderwize wer yn de list fan Van der Meer mei wurken 'dealing with "breaking"' (Van der Meer 1986:131-133), wylst Feitsma sels seit dat har wurk dêr nijsgjirrige oanwizings foar befetsje kin (Feitsma 1974:529).

Net allinnich Feitsma's teoretysk ramt wie frijwat opfallend en modern foar dy tiid, hju makke ek gebrûk fan de kompjûter, wat foar dy tiid wol in hiel oar spultsje wie as hojeddedei. Dêrmei wie se har tiid fier foarút. Yn dy tiid gie dat

noch troch alles op pûnskaarten te setten (troch wa oars as Saakje van Dellen),¹ dy't dan troch de masine útlêzen waarden (as op in draaioargel). Amper mear te begripen is dat sels inkeld de tekst fan Gysbert Japicx yn ASCII-formaat – krekt efkes mear as in heal Mb – net iens yn ien kear troch de masine ferwurke wurde koe omreden fan in te lyts ûnthâld. Mei help fan de kompjûter, hoe primityf ek mar yn dy tiid, wie Feitsma lykwols bysteat om it hiele materiaal relatyf flot te oarderjen en koenen ferskate ynventarissen makke wurde (Feitsma 1974:57-62).

Yn dizze bydrage wol ik yngean op de opbou fan har dissertaasje, it belang en de útwurking dy't de grafematyk foar har wurk hie en op de gefolgen dy't de tapassing dêrfan yn myn eagen hie foar de resepsje fan it wurk.²

Oersjoch fan it wurk

Diel I beskriuwt it materiaal: de kar-út fan de teksten en de brûkte edysje op basis fan de beskikbere histoaryske en moderne edysjes. Om't Feitsma ek nei de feroarings yn de stavering en Gysberts eigen doel fan beskate staverings sjen woe, wie in ôfwoegen kar fan it materiaal tige fan belang.

Diel II jout de eigentlike grafematyske analyze. De technyk dêrfan komt fierhinne oerien mei dy fan in strukturalistyske fonologyske analyze, mei as grut ferskil dat it no net om klanken giet dy't sprutsen wurde, mar om deade letters en karakters. Oer de oanpak en de konsekwinsjes foar it wurk letter mear.

Wat fierhinne ferburgen bliuwt efter de titel fan it boek, is dat it net inkeld in analyze fan it skriuwsysteem befettet, mar ek noch in wiidweidich oersjoch jout fan ferskate morfologyske aspekten fan Gysberts Frysk. Yn haadstik 10 wurdt de 'e in stamuitgang en suffiks' behannele. Om't de útgong *-e* by sa'n bytsje alle wurdsorten foarkomt – by haadwurden, lidwurden, yn adjektiven en tiidwurden – krijt de lêzer in breed oersjoch fan it morfologysk gebrûk fan de *-e* by Gysbert Japicx. Nijsgjirrige kwestjes binne dêrby bygelyks haadwurden dy't mei en sûnder einichste *-e* foarkomme kinne (§ 10.2.2.3) of de tiidwurdútgong fan de doetiid meartal op *-en* of *(e)ne* (§ 10.7). Haadstik 11 jout oanslutend in oersjoch fan meartalsútgongen en in hiele rige oare, derivative suffiksen. Yn de haadstikken 12 oant en mei 23 giet Feitsma ien foar ien de abstrakte autografemen bylâns en lit sjen hoe't dy troch Gysbert Japicx stavere wurde.

Feitsma gong der terjochte fanút dat it Frysk skreaun waard troch minsken dy't wend wiene om benammen Nederlânsk te skriuwen en nimt ek noch de mooglike ynfloeden fan de Ingelske stavering fia Junius mei. In selsstannige Fryske staveringstradysje bestie op dat stuit net. Ta in better begryp fan de ôfwagings dy't Gysbert makke by it fêststellen fan syn stavering, is it dêrom ek nuttich om te sjen hoe't er yn it Nederlânsk skreau (haadstik 24).

1 Saakje van Dellen hat mear as fyftich jier (oant okkerjiers) siktaresse op it Frysk Ynstitút oan de RuG west, en wie mei har iver en belutsenheid wol hast de personifikaasje fan it ynstitút. Ek nei har pinsjoen besoeget se noch altiten it tydskrift *Us Wurk*.

2 Foar mear ynformaasje oer Feitsma's bredere Gysbertûndersyk ferwiis ik nei it artikel fan Breuker op in oar plak yn dizze bondel.

Nei al dy fierhinne technyske analyzes, mei wiidweidige oersjoggen dy't antwurd jouwe op fragen as: yn hokker wurden komt in beskate stavering foar, foar (of nei) hokker bylûden en mei hokker fariaasje yn de ferskate ûnderdielen fan Gysberts wurk, jout diel III in staveringsskiednis. De ûnderskate skriuwwizen by Gysbert wurde ferlike mei earder materiaal út de let-midsieuske oarkonden en ier-modern Frysk materiaal út de 16e en iere 17e ieu. Tige fan belang is ek haadstik 26 dêr't yngien wurdt op wat Gysbert oer syn eigen stavering seit en it kommentaar fan Nederlânske grammatikaskriuwers út dy tiid oer de útspraak fan klanken yn it Nederlânsk. Om't de Fryske stavering op de Nederlânske fuortboud, jout soks yndirekt ek ynformaasje oer de útspraak fan it Frysk yn de 17e ieu. Taljochtings fan eardere grammatikaskriuwers binne wichtich foar de rekonstruksje fan de útspraak fan taalstadia dêr't wy oars gjin tagong mear ta hawwe, om't se yn it ferline lizze, sa't bygelyks goed te sjen is yn Ekwall (1975) syn behanneling fan de feroarings yn it Ingelsk of oan de 12e-ieuske beskriuwing fan in nije Yslânske stavering (Haugen 1972).

Ta eintsjebeslút past Feitsma de útkomsten fan har ûndersyk ek ta op in mooglike datearring fan Gysberts wurk. Om't bûten *Friesche Tjerne* (1640) Gysberts wurk pas yn ien haal néi syn dea printe waard, wite wy net al te folle oer de tiid en folchoarder dêr't de ûnderskate ûnderdielen fan dat wurk yn ta stân kaam binne.³ Mei help fan ferskillen yn stavering yn de ûnderskate edysjes en de pear datearre hânskriftlike stikken besiket Feitsma dêr mear klearrichheid oer te jaan (haadstik 27). Diel IV jout ta eintsjebeslút in gearfetting en ferskate taheakken.

43

Feitsma's tapassing fan de grafematyk

Sa't Feitsma sels beskreau, is it doel fan grafematysk ûndersyk om it lûdsysteem fan in taal te analysearjen 'ohne vorausgehende Hypothesen über die Laute der älteren Sprache'. Soks wie in wichtige stap foarút yn ferliking mei de pre-strukturalistyske, diagroane stúdzjes sa't dy yn de frisistyk gongber wiene. In op dat stuit resint foarbyld fan dat lêste wie de histoarysk-fonologyske dissertaasje fan Spenter (1968) oer it dialekt fan Skiermûntseach. Nêst de etymologyske kwaliteiten fan dat wurk, jout it foar it let-midsieusk Frysk in fierhinne ûnmooglik fokaalsysteem, dat in artefakt is fan in diagroane rekonstruksje sûnder each foar de syngroane realiteit. In syngroane analyze fan in histoarysk taalstadium jout de mooglikheid om sokke rekonstruksje-artefakten tefoaren te kommen. Om't de útspraak sûnt de 17e ieu grif yn in soad gefallen feroare is, is it nuttich om earst te begjinnen mei de stavering fan dy tiid, derfan útgeande dat de auteur mei sin foar beskate staveringen keazen hat.

Fjouwer jier fóar Feitsma hat Sjölin (1970) yn syn dissertaasje oer it 15e-ieuske Aldfryske 'Fivelgoër hânskrift' in soartgelikense oanpak tapast. Yn

3 Gysbert libbe fan 1603-1666. De earste edysje fan syn *Friesche Rymlerye* ferskynde yn 1668, de twadde yn 1681.

syn *Einführung in das Friesische* skriuwt Sjölin oer it belang fan in grafematyske analyze foar de histoaryske (net perfoarst diagroane) fonology:

Graphem und Phonem. Jedes orthographische System beruht wenigstens ursprünglich auf phonematischer Analyse. Im folgenden werden wir von der Annahme ausgehen, daß im graphematischen System des klass[ischen] A[It]fr[iesischen] von Anfang an ein Graphem einem Phonem entspricht. Wenn wir außerdem unsere Kenntnisse der übrigen altgermanischen Dialekte und der modernen fries[ischen] M[un]da[rten] Berücksichtigen, wird eine Rekonstruktion des a[It]fr[iesischen] Phonemsystems möglich sein [...] (Sjölin 1969:19)

Feitsma is oars te wurk gien. Hju hat har holden oan ‘een “zuiver” grafematische methode’ en har ‘zoveel mogelijk van kriteria uit de historische taalkunde onthouden (...)’ (Feitsma 1974:529). Har konklúzjes befetsje dêrom net in rekonstruearre foneemyntentaris mei de wierskynlikste útspraak út dy tiid en dat falt dochs wol tige te begrutsjen.

Nettsjinsteande de metodologyske skerpte fan Feitsma’s oanpak, wie it ek wer net sa kennis-neutraal as ien wol fan tinken hawwe kinne soe. De ynterpretaasje fan de wurdfoarmen, fan it lemma dêr’t se by hearre en dêrmei ymplisyt fan in foech abstrakt foneem dêr’t de ûnderskate staveringen oan keppele wurde kinne, is in betingst om ta in analyze komme te kinnen (Feitsma 1974:527). As dan it lemma bekend is, dan is dêrmei meastentiids ek de etymology, in (rekonstruearre) Aldfrysk komôf en de moderne útspraak bekend, mar dêr docht Feitsma fierders neat mei. De beheinings fan dy oanpak – en dêrmei nei myn betinken ek de reden dat it wurk net folle achtslein wurdt – wurde bygelyks goed sichtber yn haadstik 9, oer ‘dubbele syngrafemen in mediale clusters’, of mei oare wurden: it skriuwen fan dûbele bylûden nei lange of koarte lûden. Om’t Feitsma net in fonologyske yntepretaasje jout, komme hjir sawol gefallen lykas *schoolle* (nêst *schole*) ‘skoalle’ foar, as *klegge* (nêst *klæge*) ‘klage’. Yn it gefal fan *schoolle* tinkt men fuortdaliks oan de brekking dy’t yn de 17e ieu ûntstien is. De stavering mei in dûbeld fokaalteken en in dûbeld bylûd is yn it Frysk noch altiten gongber om brekking oan te jaan en hat syn woartels sels al yn de 15e ieu (Versloot 2008:116–122). Yn de konklúzje tsjut Feitsma wol op in mooglike relaasje tusken VVCC-staveringen en brekking, mar fierder komt it net: “Het lijkt erop dat de basis voor de friese breking in de geschreven taal van Gysbert Japicx al zichtbaar is” (s. 529). It materiaal sels is folle riker, sa’t men yndirekt út de opmerking ‘In de oudere tekstgroepen komt de verdubbeling in deze positie niet voor [...]’ (s. 178) opmeitsje kin. As wy derfan útgean meie dat de skriuwwize mei VVCC yn wurden as *schoolle* de brekking (of in fonetysk foarstadium dêrfan) oanjout, dan werspegelet de taname fan dy skriuwwize yn de rin fan Gysberts libben it stadichoan trochsetten fan de brekking as nij ferskynsel yn de 17e ieu (sj. ek Van der Meer 1986:123). Dat wurdt befêstige troch de stúdzje fan oare

boarnen út dy tiid, lykas de *Burmania-sprekwurden* fan 1614 (Brouwer&Sipma 1940) of de *Fryske boerepraktika* fan Petrus Baardt út 1640 (Brouwer 1960).

In oar foarbyld fan hoe't de strakke systematyk fan de syngroane, grafematiske analyze nijsgjirrige ynterpretaasjes yn it paad siet, is te finen by de beskriuwing fan de alternânsje tusken *ea* en *æ* (s. 294- 300). It feit dat û.o. foar *g* noch faak *æ* te finen is, ynstee fan *ea*, soe maklik keppelen wurde kinne oan it feit dat krekt it Wâldfrysk yn sokke gefallen noch altiten [ɛ:] hat ynstee fan [i.ə], lykas yn *each* of *seach* (Hof 1933:35-37). Fierders wurde gefallen mei de stavering *æ*, lykas *wæse* 'wêze' mei in rutsen *e* < afr. *wesa* op ien bult smiten mei *ægen* 'eagen' < afr. *āgene*. Sa wurdt de ynterpretaasje mist dat krekt ûnder Gysbert Japicx' libben de oergong fan [ɛ:] (< afr. *ā*) nei [i.ə] plakfûn, lykas yn *eagen*, wylst tagelyk in nij [ɛ:]-lûd ûntstie troch rekking fan koarte *e* foar beskate bylûden, lykas yn *wêze* (Hoekstra 2001:724, 726).

Utsjoch

Feitsma seach sels ek wol yn dat it wurk folle mear mooglikheden bea as de konklúzjes dy't it no befettet: "Onze studie moet dan ook allereerst gezien worden als het begin van een projekt dat in de komende jaren zal moeten worden voortgezet." (s. 526). Breuker neamt it wurk om dy reden yn syn bydrage yn dit boek in 'torso'. It wie ek net sa 'dat [se] aan deze [histoaryske] benadering geen belang zou[...] hechten' (s. 529). Wat dat oanbelanget is Feitsma's dissertaasje in 'Fundgrube' foar nije ynsichten oer de útspraak fan it Frysk yn de 17e ieu en dy fan Gysbert Japicx yn it bysûnder. Wat ien feitlik dwaan moatte soe, is de skat oan ynformaasje oer Gysberts stavering en alle dêrby foege ynformaasje oer de útspraak fan it Nederlânsk yn de 17e ieu byinoar bringe en kombinearje mei de oanwêzige diagroane kennis om sa te kommen ta in sekuere fonology fan it Frysk fan dy tiid. It foaropwurk leit al hielendal klear.

45

Literatuer

- Brouwer, J.H. (ed.). (1960). *Petri Baardt Friesche boere-practica. Neffens de foarste printinge mei ynlieding en oantekeningen fan J.H. Brouwer*. Boalsert.
- Brouwer, J.H. & P. Sipma (ed.) (1940). *De sprekwurden fan Burmania (1614)*. Van Gorcum.
- Ekwall, E. (1975). *A history of modern English sounds and morphology*. (Transl. by Alan Ward). Oxford.
- Feitsma, A. (1974). *De autografemen in het werk van Gysbert Japicx: een verkennend grafematisch onderzoek naar de taal van Gysbert Japicx en een bijdrage tot de friese spellinggeschiedenis*. Leeuwarden/Ljouwert.
- Feitsma, A. (2001). 'Von der Friesischen Philologie zur Frisistik im 20. Jahrhundert.' Yn: H.H. Munske (red.), *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*. Tübingen, 12-21.

- Haan, G.J. de. (2001). 'Recent Trends in Frisian Linguistics.' Yn: H.H. Munske (red.), *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*. Tübingen, 32-47.
- Haugen, E. (1972). *First grammatical treatise: the earliest Germanic phonology: an edition, translation [from the Old Norse] and commentary*. London.
- Hoekstra, J. (2001). 'An Outline History of West Frisian.' Yn: H.H. Munske (red.), *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*. Tübingen, 722-34.
- Hof, J.J. (1933). *Friesche Dialectgeographie*. 's Gravenhage.
- Meer, G. van der (1986). 'Frisian "Breaking"'. Yn: N. Danielsen, E. Hansen, H.F. Nielsen & H. Bekker-Nielsen (red.), *Friserstudier IV/V: Foredrag holdt ved den 3. og 4. Friserdag i Odense 6.oktober 1983 og 5.november 1985*. Odense, 111-133.
- Meer, G. van der (1985). *Frisian breaking: aspects of the origin and development of a sound change*. Groningen [*Estriken* 66].
- Sjölin, B. (1970). *Die 'Fivelgoer' Handschrift I. Einleitung und Text*. Den Haag.
- Spenter, A. (1968). *Der Vokalismus der Akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart: Eine geschichtliche Studie des autochthonen westfriesischen Inseldialekts*. Kopenhagen.
- Versloot, A.P. (2008). *Mechanisms of language change: vowel reduction in 15th century West Frisian*. Utrecht.
- Visser, W. (1990). 'From Modern Frisian to Old Frisian: On Cliticisation of the Definite Article'. Yn: R.H. Bremmer Jr, G. van der Meer & O. Vries (red.), *Aspects of Old Frisian Philology*. Groningen/Amsterdam/Atlanta, 466-482 [*Amsterdamer Beiträge Zur Älteren Germanistik* 31-32].